

Erkende talen yn Nederlân

It Nederlânsk is de offisjele taal fan Nederlân. De Nederlânske Gebaretaal is erkend foar minsken dy't gebaretaal brûke. It Frysk is in offisjele taal yn de provinsje Fryslân.

Erkende regionale talen

Nederlân hat in ôfspraak tusken lannen tekene om regionale talen of talen fan minderheden te beskermjen: it [Europeesk Hânfêst foar Regionale of Minderheidstalen](#). De Ryksoerheid erkent it Frysk, Papiamintsk, Limboarchsk en it Nedersaksysk as regionale talen. En it Jiddysk (Jiddisj) en Romanes as talen dy't net binnen in beskaat gebiet sprutsen wurde.

Gebrûk erkende talen oanmoedigje

Nederlân is grutsk op syn ferskaat. De oerheid wol dêrom dat neist it Nederlânsk ek regionale talen en talen fan minderheden trochgeand brûkt wurde. Om hjirby te helpen stipet de oerheid bygelyks de provinsjes troch it meitsjen fan ôfspraken oer taalbelied, sadat bewenners de talen brûken bliuwe.

De oerheid erkent talen fia de wet, bygelyks de [Wet Gebrûk Fryske taal](#) en de [Wet erkenning Nederlânske Gebaretaal](#). En fia it [Europeesk Hânfêst foar Regionale of Minderheidstalen](#).

In taal kin ûnder 2 dielen fan it Hânfêst erkend wurde: diel II of diel III. In diel II-erkenning is in algemiene erkenning fan in taal. In oerheid mei it gebrûk fan de taal dan net dreger meitsje mei wetten of regels. In diel III-erkenning leit de beskerming en befoardering fan in taal noch fierder fêst op beskate gebieten. Bygelyks ûnderwiis, kultuer, media, bestjoer, rjochtspraak, sosjaal-ekonomysk libben en ynternasjonale gearwurking.

Yn Nederlân binne it Limboarchsk, Nedersaksysk, Jiddysk, Romanes en Papiamintsk erkend ûnder diel II fan it Hânfêst. It Frysk yn Fryslân en it Papiamintsk op Bonêre binne erkend ûnder diel III.